

Befrijing

Us beftijers komme tichter by
wy easje de lannen oer,
de Dútsers bin' noch yn ús doarps
swan sitte yn'e toer.

Se geane by de brêgen lâns,
en ligge kruid en lout,
it knalt en boldert troch de loft
as sieten we oan it front.

In geronk komt al mar tichterby
in pleats flean't yn'e brân,
dan wurdt it stil, de sinne sinkt,
de douwe lûkt oer't lân.

Dy nacht is it binnearjend stil,
fol langstme en fol noed
men heart allinne nou en dan
mei skrik in fûgellûd.

Dan daget it, wy gean fan't bêd
wer komt in nije dei,
der giet geroft fan hûs nei hûs,
de Dútsers bin hjir wei!

Wy stean wer mei inoar út te sjen
besprekke strop as hams,
der komt wat oan, der binne se
tanks ride foar ús lâns.

No mei inoar de buorren yn
der wapperet read wyt blau,
it jok fan fiif jier ûnder druk
falt fan ús skouders ôf.

Wy binne bliid en fiere feest
mar dochs, ferjit it nea,
foar ús befrijing sinnen er
bij tuzenen de dea.

Marie Koldyk-de Vries.